

FNP fraksje
De hear J. Visser

Ljouwert, 21 oktober 2014
Ferstjoerd, 23 OKT. 2014

Ús merkteken : 01166256
Ôfdieling : Stêd en Plattelân
Opsteld troch : Robert Zijlstra / (058) 292 59 23 of robert.zijlstra@fryslan.nl
Jo merkteken :
Taheakke(n) : Kaarten 4a, 4b, 5a en 5b út it Deltaprogramma 2015

Ûnderwerp : beântwurdiging skriftlike fragen oer Wetterfeiligens yn Fryslân

Achte hear Visser,

De skriftlike fragen op grûn fan kêst 39 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 1-10-2014, beântwurdzje wy sa.

Fraach 1:

Neffens DS brief fan 19 febrewaris 2014 (01099305) sil frege wurde om de Fryske seediken dy 't net oan de feilichheidsnoarmen foldogge, sa gau as mooglik oan te pakken. DS seit no (brief 24 septimber 2014) dat de ynbring fanut dizze regio hiel serieuus nommen is en ferwurke is yn de plannen foar de Twadde Keamer. Wannear sille alle seediken by de Waadkust no foldwaan oan de nijste noarmen?

Antwurd fraach 1:

Yn it Heechwetterbeskermingsprogramma wurde de dykferbetterings foar de kommende 5 jier, alle jierren op basis fan urginsje programmearre. Dêrtroch is no net krekt bekend wannear't beskate seediken oan de nijste noarmen foldwaan sille. Yn it Deltaprogramma is wol ôfpraat dat dernei stribbe wurdt dat alle seediken yn Nederlân yn 2050 oan de nije noarmen (dy't yn 2017 wetlik fêstlein wurde) foldogge. Op basis fan de hifking oan de hjoeddeiske noarmen wurdt in tal seediken oan 2020 ta fersterke (De Lemmer, Fryske Waadseekust en It Amelân). Yn it Heechwetterbeskermingsprogramma 2015-2020 stiet foar Fryslân dat yn 2019 mei it projekt Koehool-Westholwerterpolder útein set wurdt. De noardlike wetterskippen fiere mei-inoar ek noch in oer projekten hinne rikkende ferkennig út (de 'POV Waddenzee').

* sjoch taheakke E "Hoogwaterbeskermingsprogramma", fan it Deltaprogramma 2015, op de <http://www.deltacommissaris.nl/deltaprogramma/publicaties/>

Fraach 2:

Neffens FNP moasje 581 sil nimmen yn Fryslân der yn feiligens op efterút gean as 'meerlaagse veiligheid' de noarm wurdt. Neffens it brief fan 24 septimber sil de nije noarmearing al yn 2017 wetlik ferankere wurde wylst pas yn 2050 alles klear is. Hoe grut binne de risiko 's op slachtoffers oer de perioade 2015-2050? Graach in taljochting.

Antwurd fraach 2:

De hjoeddeiske risiko's steane op kaart 4a en 5a yn it Deltaprogramma 2015 (side 18). Te sjen is dat de slachtofferrisiko's op in pear plakken yn Fryslân grutter binne as 1/100.000 jiers. Uterlik yn 2050 – as alle seediken oan de nije noarmen foldogge - sille de risiko's oeral lytser as 1/100.000 wêze. De risiko's yn 2050 steane op kaart 4b en 5b yn it Deltaprogramma 2015. De kaarten 4a, 4b, 5a en 5b binne oan dizze brief taheakke.

Fraach 3:

Slachtofferrisiko's binne basearre op de hjoeddeiske ynrjochting fan Fryslân. Neffens DS soe dêrom de besteande sitewaasje minimaal hanthavene wurde moatte. It oanlizzen fan bygelyks akwadukten draacht hjir perfoarst net oan by. Nettsjinsteande dizze en oare romtlike beheinings, hoe tinke DS de evakuaasjemooglikheden noch te ferbetterjen?

Antwurd fraach 3:

De feilichheidsregio's binne ferantwurdlik foar it organisearjen fan (previntive) evakuaasje en de rampebestriding as gehiel. Wy wurkje sels net oan maatregels om de evakuaasjemooglikheden te ferbetterjen. De mooglikheden foar in súksesfolle previntive evakuaasje wurde lykwols net minder troch de oanlis fan akwadukten, om't previntive evakuaasje earder útfierd wurdt as dat de diken trochbrekke.

Fraach 4:

Hokker persintaazje fan de Fryske befolking kin by in driigjende oerstreaming previntyf evakuearre wurde?

Antwurd fraach 4:

Dat witte wy net. Yn it Deltaprogramma hawwe eksperts rûsd dat trochinoar-hinne op syn minst 29% fan de minsken evakuearre wurde moatte kin by in driigjende oerstreaming fan de Waadsee. By in driging fan in oerstreaming de Iselmar, is dat 44%. Dy rekkenwearde is oanhâlden by it berekkenjen fan de nije noarmen foar de seediken op de fêste wâl. De Feilichheidsregio Fryslân hat oanjûn dat dat persintaazje te ferdigenjen is.

Fraach 5:

Neffens Deltaprogramma 2015 moatte de Veiligheidsregio's taret wêze op in effektive rampebestriding mei as ûnderdiel in preventive evakuaasje. Deputearre Schokker sei yn de PS gearkomste fan maart 2013 dat de provinsje der noch folle mear oan dwaan kin om it belang fan in goede krisisorganisaasje by de veiligheidsregio ûnder de oandacht te bringen. Wat is de aktuele stân fan saken?

Antwurd fraach 5:

Der hat oerlis west tusken Wetterskip Fryslân en de Feilichheidsregio Fryslân oer preventive evakuaasje (fraach 4). Yn april 2014 hawwe de ministers fan I&M en V&J, yn bywêzigens fan de Deltakommissaris en de portefúlgehâlders foar krisisbehearsking fan it feilichheidsberie en de Uny fan Wetterskippen oer yngeander gearwurking praat. Dat hat in 'ambysjenotysje wetter en evakuaasje' en it projekt "Wetter en evakuaasje" opsmiten. De Feilichheidsregio Fryslân jout oan dat sy in 2015 yngeander sjen sille nei de oerstreamingsrisiko's yn Fryslân en wurkjen sille oan mooglike maatregels om slachtoffers en skea fierder foar te kommen. It giet dêrby om saken as de mooglikheden fan evakuaasje, it bieden fan konkrete hannelingsperspektiven by kalamiteiten en it fergrutsjen fan it besef fan de risiko's. It Ryk soarget foar de ynstruminten en de ynformaasje dêr't Feilichheidsregio's mei oan de slach kinne. Fierders hat de deputearre doedestiids sein en bedoeld dat de oerheden gearwurkjend yn it Deltaprogramma yn ús regio mear dwaan kinne en net spesifyk allinne de provinsje.

Fraach 6:

Op de nije nasjonale side www.overstroomik.nl wurdt u.o. it advys jûn om de advizen fan de Veiligheidsregio op te folgjen. Yn fergeliking mei oare Veiligheidsregio's is de Fryske ynformaasje hiel summier. Wat sil DS der oan dwaan om op grûn fan de ferplichte gearwurking tusken Provinsje, Wetterskip en Veiligheidsregio dit noch te ferbetterjen?

Antwurd fraach 6:

Wy binne net bekend mei in ferplichte gearwurking. De nije webside www.overstroomik.nl fine wy in goed inisjatyf. Dêr is okkerdeis mei útein set. Wy binne fan betinken dat de Feilichheidsregio Fryslân earst sels sjen moat oft de eigen ynformaasje goed op dy nije webside oanslút. De Feilichheidsregio Fryslân hat oanjûn dat dy oansluting der komt, soks op basis fan it nijste ynsjoch en de nijste ynformaasje.

Fraach 7:


Wy hawwe oanwizings dat op www.overstroomik.nl de maksimale wetterhichten by oerstreamings net altiten korrekt binne. Dêrtroch soe it byld ûntstean kinne dat it allegearre wol wat tafalt. Op hokker wize binne DS belutsen west by de tarieding fan dizze webside? Hat DS yn har rol as 'gebietsregisseur feiligens' de ynformaasje kontrolearre?

Antwurd fraach 7:

Wy hawwe net belutsen west by de tarieding fan dy webside. Wol komme de maksimale wetterhichten by oerstreamings dy't foar dy webside brûkt binne, fuort út berekkenings dy't yn opdracht fan de provinsje foar it projekt 'Veiligheid Nederland in Kaart 2' útfierd binne. Dy wetterhichten steane ek op de risikokaart (www.risicokaart.nl). Nei ús betinken jouwe de berekkenings in goede rûzing fan it potinsjele ferrin fan in oerstreamings. Ferskate eksperts en ús eigen amtners hawwe nei de resultaten sjoen. Yn dat soarte fan berekkenings sitte tal fan ûnderstelling en rûzings. Om't wy noch nea sa'n oerstreaming meimakke hawwe, binne de útkomsten lestich nei te gean.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,



J.A. Jorritsma, foarsitter



A.J. van den Berg, siktaris

Taheakke: Kaarten 4a, 4b, 5a en 5b út it Deltaprogramma 2015

Kaart 4a en 4b Opbrengst nieuwe aanpak waterveiligheid: Individueel risico

Kaart 4a Situatie 2020 na uitvoering
lopende programma's (referentie)

Kaart 4b Situatie 2020 na implementatie
nieuwe aanpak



Jaarlijkse kans op overlijden van een individu door een overstroming



Kaart 5a en 5b Opbrengst nieuwe aanpak waterveiligheid: economisch schaderisico

Kaart 5a Situatie 2020 na uitvoering
lopende programma's (referentie)

Kaart 5b Situatie 2020 na implementatie
nieuwe aanpak



Schaderisico per hectare per jaar (euro)



Bron: Gebaseerd op de 'Technisch-inhoudelijke uitwerking van etsen aan de primaire heringer' (DPV 2.2, verslagrapport DPV) en voorgestelde normopgaves per rijtraject (zie bijlage 1).